



Noardeast-Fryslân

PROGRAMMA
FNP NOARDEAST FRYSLÂN
2026 - 2030

FNP **bout fierder**



YNLIEDING

De FNP set him yn foar in sterk, leefber en ferbûn Noardeast-Fryslân. It is in gebiet dêr't de wurden 'romte', 'rêst' en 'mienskip' noch betsjutting hawwe. In gemeente dêr't wy noflik wenje, wurkje en libje kinne, en dêr't wy mei syn allen diel útmeitsje fan in mienskip dy't om inoar jout en nei inoar omsjocht.

Wy leauwe yn de krêft fan sterke mienskippen as basis fan in goed libben. Hjir witte wy ommers noch wat it is om mei-inoar gewoan it petear te fieren oer dat wat telt en om te oparbeidzjen foar de goede saak, ek at it efkes tsjin sit of at it net hielendal giet sa't wy wolle. Wy binne realistysk, mar doarre te dreamen. Nochter as grûnhâlding, mar mei in iepen blik nei de wrâld. Us beskiedenheid siert ús, mar wy binne ek grutsk op wa't wy binne en wêr't wy wei komme.

Mar dat plak, ús thús, dêr't wy sa grutsk op binne, stiet de kommende tiid foar grutte útdagings: de wrâld feroaret rap en do fertsjinnest in dúdlike rjochting fan de polityk. Dêrom moatte der dúdlike karren makke wurde. Dat biedt kânsen. De FNP jout yn dit program oan hokker karren at sy makket foar ús gemeente. Om dy saken te ferbetterjen dy't better moatte, dat dwaan te bliuwen wat goed giet en te feroarjen wat oars kin.

Wy wurkje dat yn dit program foar dy út yn de folgjende haadtema's:

- ♥ **Wenjen:** wy nimme de rezjy op de wentemerke, bouwe nei aard, skaal en karakter fan ús doarpen en stêd, en soargje foar betelbere wenten foar starters, âlderein en húshâldens fan no.
- ♥ **Mienskip en soarch:** wy ynvestearje yn sterke mienskippen dy't mei-inoar saken oppakke en sette yn op in tagonklik en previntyf sosjaal belied.
- ♥ **Lânskip en enerzjy:** wy beskermje wat ús unyk makket en kieze foar skjinne enerzjy dy't de mienskip profitearje lit, sûnder grutte nije wynmûnen op lân of megalomane datasintra.
- ♥ **Ekonomy en toerisme:** wy steane neist ús ûndernimmers as betroubere partner en ynvestearje yn toerisme dy't past by it eigen karakter fan ús gemeente.
- ♥ **Underwiis, sport, taal en kultuer** binne de siel fan ús mienskip. Wy meitsje ús hurd foar de sichtberens en fanselsprekkendheid fan it Frysk, it Dokkumers, it Kollumers en oare streektalen, en sette yn op tagonklik ûnderwiis, kulturele ynstellingen en sportfoarsjennings foar jong en âld.

De FNP doart te kiezen foar wat past by ús regio, foar leefberens, foar duorsumens, foar eigen rezjy en foar in mienskip dêr't elkenien meidwaan kin.

Bousto mei ús mei oan it moaie Noardeast-Fryslân fan hjoed en moarn?

Bert Koonstra
Listlûker FNP Noardeast-Fryslân

Bert Koonstra:

'Bousto mei ús mei oan it moaie Noardeast-Fryslân fan hjoed en moarn?'





Ynhâldsopjefte

Wenje yn Noardeast-Fryslân	6
Wentebou	7
Us wize fan dwaan en litten	8
Nije soarch.	8
De skouders ûnder de mienskip.	9
Us Lânskip	10
Histoarysk karakter	10
Lânbou & natoer	11
Energzjy.	11
Ekonomy & toerisme	12
Ekonomy.	12
Toerisme.	13
Us ûnderwiis, sport, taal en kultuer	14
Underwiis	15
Sport & kultuer	16
Taal.	17
Sân kearnwearden fan de FNP	18
Wat hat de FNP de ôfrûne perioade foar jimme betsjutten?	20
Us fertsjinste	21
Neiwurd	22
Us kandidaten	23





Wenje yn Noardeast-Fryslân

Noardeast-Fryslân is ús thú. Noardeast-Fryslân is it plak dêr't wy grutsk op binne, mei har romte, rêst, en in sterke mienskip. Hjir wennet it noflik. Dat fine net allinnich wy as ynwenners, mar ek de minsken dy't hjir graach hinne wolle. Dat betsjut dat wy foar in grutte wenteopjefte stean. Kinne ús bern hjir anst ek noch wenje? Is der noch wol romte foar harren en kinne hja it wol betelje? Hoe soargje wy foar ús âlderein en wat biede wy ús jongerein? Der moat boud wurde, dat is dúdlik, mar alles folbouwe wolle wy net. De FNP kiest foar in gemeente dêr't elkenien in plak fynt, wêr't wy rekken hâlde mei elkoar, ús lânskip en ús takomst.

Wenje wer't wy wenje wolle

WENTEBOU

- ♥ De FNP kiest foar in aktyf en ambisjeus wenteboubedied. Wy bouwe nei aard, skaal en karakter fan elk doarp en fan Dokkum, mei respekt foar ús lânskip en histoaryske struktuer.
- ♥ Mei ús pakt de gemeente de rezjy op de wentemerck. Wy stappe yn ús rol as húsfeuster en soargje dat minsken mei sosjaal-ekonomyske binning foarrang krije by it finen fan in wente, sawol hier as keap. Dit dogge wy troch ôfspraken te meitsjen mei ûntwikkelaars en troch prestaasjeôfspraken te meitsjen mei de wenningkorporaasjes.
- ♥ Wy kieze foar in goede miks fan wentetypen, mei spesjale oandacht foar starters, âlderein en tydlike wenfoarmen. De gemeente bout dêrom foar alle doelgroepen, yn it bysûnder foar âlderein dy't no te grut wennet en wat lytser wenje wol. Dit wolle wy dwaan troch yn te setten op bygelyks soarchbuerthúzen.
- ♥ Wy sette ús yn foar mear betelbere hier- en keapwenten, ek foar ien- en twapersoanshúshâldens. It persintaazje sosjale hierwenten mei dêrom perfoarst net ôfnimme.
- ♥ Wy gean spekulasje en opkeap foar ferhier- as fakânsjehûs tsjin. Huzen yn Noardeast-Fryslân binne om yn te wenjen, net om te ferhieren as fakânsjehûs.
- ♥ Wy stimulearje enerzjyneutrale bou en it isolearjen fan besteande wenten, mei ekstra stipe foar minsken mei in lytse beurs. Wy wolle ynsette op enerzjybesparing en ferduorsuming om wenlesten sa leech as mooglik te hâlden.
- ♥ Wy sette yn op genôch grien yn nije bouplannen. Dit is essinsjeel foar sûnens, leefberens en klimaatbestindigens.
- ♥ Wy sette yn op it bouwen fan lytsere wenten en apparteminten en yn it splitsen fan besteande grutte wenten en pleatsen. Der is romte genôch, mar der binne te min foardoarren.
- ♥ Maatskiplik fêstgoed, sa as leechsteande skoallen, moat transformearre wurde nei wenten of apparteminten dêr wêr't dat past.
- ♥ Wy beneame in ferhúsmakeler/-coach dy't ynwenners advisearret en begelaat by ferhúsmooglikheden.

Us wize fan dwaan en litten



De FNP is de partij dy't mei beide fuotten yn de klaai midden yn de mienskip fan Noardeast-Fryslân stiet. Wy binne grutsk op de brûzjende inisjativen dy't yn ús gemeente fan ûnderop ûntstean, op ús tradysjes, op it karbydsjitten, de fjoerbulten mei âld en nij en op ús fersierde weinen mei de doarpsfeesten. Eltsenien moetet inoar hjir yn it doarpshûs, op de sportklup, yn 'e tsjerke, yn de keet en yn de kroech. Dat ferbynt ús en makket ús ta wa't wy binne.

De gemeente stiet foar grutte útdagings op it mêd fan it behâldber en berikber hâlden fan de soarch yn de takomst. Dat freget om in heldere fyzje dêr't dúdlike karren yn makke wurde. De soarch moat neffens de FNP net langer benammen rjochte wêze op it behanneljen fan sykte, mar op it fersterkjen fan it fermogen fan minsken om sels sûn te bliuwen. Wy kieze foar sterke mienskippen.

NIJE SOARCH

- ♥ Soarch foar ús ynwenners moat leechdrompelig en berikber wêze.
- ♥ Wy binne foar it behâld en mooglike útwreiding fan de spoedsoarch yn de Sionsberg.
- ♥ In sûne libbensstyl is wichtich foar it sosjaal domein fan no en de takomst. Wy leauwe yn de krêft fan minsken om om te gean mei harren eigen fysike en mentale sûnens. De gemeente helpt minsken dêrby troch in sûn libben te stimulearjen en wolwêzen, wenjen en ûnderwiis fierder mei inoar te ferflechtsjen.
- ♥ De gemeente heart in aktive rol te spyljen yn it stimulearjen fan lokale inisjativen dy't bydrage oan in sûne omjouwing om yn te wenjen en libjen, sa as bloeisônes en soarchbuerthuzen.
- ♥ It is wichtich om effisjint mei soarchjild om te gean. De wyksuster moat werom komme as regisseur en sintraal oansprekpunt foar minsken yn de doarpen en wiken. It soe winsklik wêze as de ferpleechkundige soarch hjirop oansletten wurdt.
- ♥ Wy wurkje oan in âlderen-freonlike maatskippij. Dat dogge wy bygelyks troch frijwilligers te stimulearjen om buertsupers en buerttaksys yn stân te hâlden, ûnnedige burokrasy te skrassen en troch wurkjouwers te stimulearjen om oan mantelsoargjende wurknimmers in fergees boadskiptsjinst en/of kulturele aktiviteiten oan te bieden.
- ♥ Bewege en sport binne wichtige ûnderdielen fan in previntyf sûnensbelied. Om hjir rekken mei te hâlden sille wy dit opnimme yn de omjouwingsfisy fan de gemeente.
- ♥ Wy ynvestearje yn mear fyts- en rinpaden yn en om doarpen, dy't wêr mooglik rjocht dogge oan de histoaryske situaasje fan eartiids.

DE SKOUDERS ÛNDER DE MIENSKIP

- ♥ Safolle mooglik leefberensprojekten fan ûnderop moatte stipe krije en slagje. It doarpe- en wikefûns moat trochsetten wurde en fierder ûntwikkele wurde.
- ♥ De doarpekoördinatoaren binne it gesicht fan de gemeente yn ús doarpen, stêd en wiken. De doarpekoördinator moat in ferbinende funksje hawwe dy't past by de struktuer fan ús fassilitearjende gemeente.
- ♥ Tradysjes lykas fersierde weinen, âld papier, fjoerbulten en karbydsjitten hearre by ús gemeente en bliuwe tradysjes dêr't dat altyd sa west hat.
- ♥ Wy binne tsjin in permanint AZC yn ús gemeente at dêr gjin draachflak út de mienskip foar is. Mar wy meie al de ferantwurdlikens om ús stientsje by te dragen oan it oplossen fan de hjoeddeistige problematyk. Dêrom kiest de FNP foar humane opfang fan statushâlders yn ús stêd en doarpen, sadat de druk op de al besteande AZC's ferljochte wurde kin en de trochstream yn de asylketen op gong komme kin.
- ♥ Foar it opfangen fan statushâlders is yntegraasje essinsjeel. Statushâlders krije de goede begelieding om harren thús meie te kinnen en meidwaan te kinnen oan de mienskip. De fokus leit op it learen fan de taal en it bieden fan dúdlik perspektyf nei de takomst ta.
- ♥ Eltsenien krijt de kâns om mei te dwaan oan ús gemeente en mienskip. Ek minsken mei ôfstân ta de arbeidsmerke. Dêrom binne wy bliid mei û.o. Dokwurk as ûnderdiel fan ús gemeente.
- ♥ Wy gean foar in evenriedige sprieding fan foarsjennings yn de doarpen en de stêd en wiken om de leefberens yn ús gemeente te befoarderjen.
- ♥ Ferienings binne wichtich foar de mienskip en it behâld fan de leefberens. Wy wolle alle ferienings mei in ferieningsfûns finansjeel yn 'e mjitte komme at hja it inisjatyf nimme om taken út te fieren, tink oan ûnderhâldswurksumheden, grienfoarsjenning, ensfh.
- ♥ Fan ôffal nei grûnstof. De FNP wol dat yn de gemeente minder restôffal ynsammele wurdt. It korrekt skieden fan it GFT ôffal sjogge wy as bêste kâns om dat te berikken.
- ♥ De FNP hat betrouwen yn de eigen minsken. Rigels moatte der wêze foar feiligens en earlikens, mar meie net yn de wei stean fan minsken dy't wat moais dwaan wolle foar harren doarp as wyk.



Us Lânskip

Noardeast-Fryslân is in unyk plak op de wrâld: ús lânskip is tige wichtich foar ús identiteit en foar it karakter fan ús gemeente. De FNP wol dat de enerzjy- en waarmteopjefte rûchwei oerienkomt mei ús eigen ferbrûk en dat wy sa folle as mooglik skjinne enerzjy opwekke. Wy kieze foar in enerzjytransysje dy't by it lânskip past en de leefberens fergruttet, mei omtinken foar gearhing tusken enerzjy, natuer, lânbou en erfgoed. Enerzjyfragen steane net los fan oare romtlike en maatskiplike opjeften. De enerzjytransysje is in kâns om it lânskip sûner en mienskipliker te meitsjen. Romtlike kwaliteit is hjiryn liedend.

HISTOARYSK KARAKTER

- It histoarysk karakter fan Noardeast-Fryslân is in boarne fan identiteit, skjintme en ynspiraasje. Wy behâlde en fersterkje it erfgoed troch it te ferbinen mei nije opjeften en ferhalen.
- Erfgoed is gjin museum, mar in libjend ûnderdiel fan it lânskip. Wy brûke it foar nije funksjes, lykas rekreaasje, edukaasje en duorsume enerzjy. It âlde en it nije wurde sa ferbûn.
- Wy meitsje it lânskip (be)libjend troch ferhalen sichtber te meitsjen, bygelyks fia rûtes, keunst en eveneminten. Sa ûntstiet in ferbining tusken de identiteit, de histoarje en it lânskip: it ferhaal fan ús regio. It projekt fan de doarpsbiografieën sille wy fierder útwurkje en ôfmeitsje.
- Erfgoedbehear is in mienskiplike opjefte fan ynwenners, ûndernimmers, boeren en oerheden. Wy stimulearje boargerinisyntiven en koöperaasjes.

LÂNBOU & NATOER

- De FNP set yn op brede wolfeart. Net allinnich ekonomyske groei, mar ek sûnens, skjintme en duorsumens binne doelen. It lânskip is der foar elkenien: ynwenners, boeren, rekreanten en takomstige generaasjes.
- Boeren binne net allinnich itenprodusinten, mar ek wichtige behearders fan natoer, wetter en lânskip. Wy stypje boeren by de oergong nei kringlânbou, natoerbehear en it leverjen fan maatskiplike tsjinsten.
- Wetterberging en natoerûntwikkeling moatte meinommen wurde yn de romtlike ûntwikkeling, as antwurd op klimaatferoaring en boaiemdelgong.
- Us lânskip is in netwurk, dêr't doarpen, natoer, lânbou en wetter ferbûn binne. Alde paden, opfearten en lânskiplike struktueren wurde hersteld, sadat it lânskip wer belibbe wurde kin en tagonklik wurdt foar minske en bist.

ENERZJY

- Wy stypje minsken dy't harren hûzen better isolearje wolle mei duorsumensfûnsen.
- Wy sjogge de gemeente as in aktive spiler op it mêd fan de enerzjyopjefte. De gemeente siket nei mooglikheden om dêryn te yvestearjen.
- Wy binne tsjin it winnen fan gas yn Noardeast-Fryslân. Spitigernôch leit it foech hjirfoar by it Ryk. Mocht gasboarring dochs trochgean, bûten ús goedfinen om, dan wolle wy minimaal 10% fan de opbringst oan de mienskip yn Noardeast-Fryslân te'n goede komme litte, ynspirearre op it Noarsk model.
- It opwekken fan sinne-enerzjy moat barre op daken, net op kostbere (lânbou)grûn. Der komme gjin nije grutte sinneparken.
- Gjin nije grutte wynmûnen op lân. Alde mûnen moatte sanearre wurde en nije wurde konsintrearre foar in enerzjyhub. De opbringsten moatte te'n goede komme oan de mienskip. Wol is der romte foar de lytse houten Grinzer wynmûne by agraryske bedriuwen.
- Stoeplade foar elektryske auto's moat tastien wurde dêr't dat mooglik is. Der sille yn de takomst mear elektryske auto's komme en net eltsenien hat in eigen hiem om dêr de auto oplade te kinnen.
- Monofergisters dy't biogas produsearje binne in weardefolle oanfolling op ús enerzjyferlet. Opwekte enerzjy komt de mienskip te'n goede. Grutte datasinters hawwe gjin plak yn ús gemeente.
- De gemeente moat yvestearje yn en ûndersyk dwaan nei alternative enerzjyboarnen, lykas akwatermy en wetterstof. Hjirby sykje wy de gearwurking mei lokale enerzjykoöperaasjes en kennisinstellingen.



Ekonomy & toerisme

De FNP kiest foar in gemeente dêr't ûndernimmers de romte krije en dêr't ús eigen ferhaal sintraal stiet. Wy kieze dêrom foar in betroubere gemeente dy't meitinkt en mooglik makket, dy't each hat foar kânsen en ek earlik is oer wat net kin. Wy bouwe oan in duorseme lokale ekonomy mei libjende kearnen, in sterk MKB en bedriuweterreinen dy't passe by it karakter fan ús doarpen en stêd. Tagelikertiid steane wy foar it toerisme op in wize dy't past by ús gemeente: lytsskalich, eigen en passend by it ferhaal fan de regio. Sa hâlde wy Noardeast-Fryslân ekonomysk krêftich én werkenber.



EKONOMY

- De gemeente nimt gjin taken mear oer fan de sintrale oerheid wannear't dêr gjin passende finânsjele kompensasje foar is. Undernimmers krije de romte: de gemeente is in betroubere partner dy't meitinkt yn kânsen en ek ferantwurdlikheid doart te dielen.
- Wy meitsje de binnenstêd fan Dokkum permanint autolij. Dat biedt grutte mooglikheden foar ús (hoareka)ûndernimmers. Tink dêrby oan permanint fergunde terrassen op it wetter, útwreiding fan terrasmooglikheden en soepele iepeningstiden.
- De keapsnein bliuwt sa as er is, fan 12.00 oere ôf. Dat past by ús wize fan dwaan en litten.
- Wy ûntwikkelje bedriuweterreinen troch, passend by ferlet fan stêd en doarp yn de hiele gemeente, mar yn it bysûnder yn Kollumersweach, Hallum, Kollum en Dokkum.
- It totaal fan gemeentlike wenlesten mei neffens de FNP net boppe it Frysk gemiddelde komme. Oars moat der besunige wurde op projekten om de OZB te ferleegjen.

TOERISME

- Wy profilearje ús gemeente mei de kearnwearden romte, rêst, natoer en tsjustere nachten. Der komt mear omtinken foar ekologyske rekreasje: it herstel en útwreidzjen fan farrûtes, fytspaden en kuierspaden en it befoarderjen fan streekprodukten.
- Wy fine dat der yn ús gemeente gjin plak is foar grutte fakânsjeparken. Yn stee dêrfan stypje wy lytsskalige, lokale inisjativen lykas B&B's, kampearplakken by de boer en ferskate rûtes.
- Toeristyske ûntwikkeling moat de lokale ekonomy en mienskip fersterkje. Kwaliteit giet boppe kwantiteit, dat past by ús wize fan libjen.
- Om mear toeristen nei ús regio te lûken, kreëarje wy nije kânsen foar lokale makers en ûndernimmers, troch poadiumkeunsten en regionale kultuer mei sintraal te stellen.
- De toeristebelesting wurdt in persintaazje fan fiif persint fan it oernachtingstaryf, yn stee fan in fêst bedrach per nacht. De opbringsten út de toeristebelesting moatte brûkt wurde foar it stimulearjen en fersterkjen fan it toerisme. Sa stimulearje wy ûnder oaren dat it toerisme past by ús lânskip en mienskip, mei respekt foar natoer en erfgoed.



Us ûnderwiis, sport, taal en kultuer

Underwiis, kultuer en taal sjocht de FNP as in tige wichtige trijehoek dy't alhiel ferbûn is.

De FNP leveret maatwurk foar it underwiis yn ús regio, ús doarp en ús stêd. Wy binne foar kânsgeleikens, feilichheid en ûnderwiis tichtby. Dêrom sette wy ús yn om skoallen, lyts of grut, yn ús gebiet te behâlden. Us basisskoallen binne mei de ferienings en de doarpsbelangen de boustiennen fan de mienskip. De mienskip is de takomst foar de leefberens yn ús Noardeast- Fryslân.

De (F)MBÛ's ha harren woartels yn de mienskip en binne fergroeid mei de bedriuwen. Us jongerein op dizze skoallen is de takomst en wy behâlde harren, yn gearwurking mei it bedriuwslibben, foar ús regio.

Fanwege harren grutte belang foar de mienskip stypje wy ús sportferienings en muzykskoallen. Ek de bibleteken, teäters en musea binne foar de FNP tige wichtich as fertsjinwurdigers fan ús taal en kultuer. Kultuer en sport moatte foar eltsenien, jong en âld tagonklik wêze.

Us taal en kultuer ferbine de mienskip. It Frysk moat dêrom in sintraal plak ha yn Noardeast-Fryslân. It Dokkumers, it Kollumers en de oare streektalen hawwe deselde funksje yn de mienskip en derom binne dy krekt sa wichtich foar de FNP.

ÛNDERWIIS

- ♥ Kwalitatyf goed ûnderwiis moat tichtby beskikber bliuwe, ek yn it bûtengebiet. Wy sette yn op in goede dekking en sprieding fan ûnderwiisfoarsjennings.
- ♥ It skoalgebou hat in wichtige sosjale funksje en kin meardere maatskiplike funksjes kombinearje, passend by it ferlet fan wyk of doarp.
- ♥ De gemeente spilet in aktive en finânsjele rol by it opsetten en fasilitearjen fan netwurken tusken (fak)skoallen en bedriuwen. Sa hâlde wy goede (fak) minsken foar de takomst yn ús regio.
- ♥ Wy stimulearje gearwurking tusken skoallen, kultuer, sport en bedriuwslibben, sadat jongeren harren breed ûntwikkelje kinne en in takomst yn ús gemeente sjogge.

KULTUER & SPORT

- ♥ Wy koesterje en fersterkje it rike ferieningslibben en stypje inisjativen dy't bydrage oan de sosjale gearhing, leefberens en it wolwêzen fan jong en âld.
- ♥ Wy ynvestearje yn in bloeiend kultureel libben, dêr't elkenien oan meidwaan kin en dêr't romte is foar fernijing, eksperimint en it fertellen fan it Fryske ferhaal.
- ♥ Muzykûnderwiis op de muzykskoalle en op basisskoallen bliuwt bestean en wurdt wêr mooglik fersterke. Tariven en kontribúsjes hâlde wy sa leech mooglik, sadat elkenien meidwaan kin. Húshâldings mei in leech ynkommen kinne ekstra stipe oanfreegje.
- ♥ Bibleteken, teäters en musea krije romhertige stipe en wurde oantrune om it Frysk en it Fryske erfgoed aktyf út te dragen.
- ♥ De FNP fasilitearret yn it ferhúzjen fan it Museum Dokkum nei de katolike tsjerke.
- ♥ Wy fine sport tige wichtich. Sportfoarsjennings bliuwe minimaal op peil en wy gripe kânsen om út te wreidzjen dêr't it kin. Sa steane wy foar it ûnderhâlden fan it skoalswimmen fan basisskoallebern yn it primêr ûnderwiis.
- ♥ Dêrnjonken wol de FNP ek rekken hâlde mei bewege yn de iepenbiere romte, want dat draacht by oan de sûnens en ferbûnens fan ús mienskip.
- ♥ Neist in lyts- en middelgrut eveneminteterrein sykje wy troch nei romte foar in fêst eveneminteterrein foar gruttere eveneminten yn ús gemeente.

TAAL

- ♥ De Fryske taal nimt in lykwaardich en sichtber plak yn binnen ús meartalige gemeente. De gemeente jout it goede foarbyld troch kommunikaasje altyd yn it Frysk te begjinnen, ek by alle skriftlike kommunikaasje. By ynstânsjes dy't gemeentlike stipe krije, jildt ek: Frysk foarop!
- ♥ De FNP fynt dat der mear omtinken en help komme moat by it werombringen fan leechbelêzenens yn it Nederlânsk en it Frysk, yn gearwurking mei bibleteken en maatskiplike organisaasjes.
- ♥ Wy sette ús yn foar it behâld en de sichtberens fan it Dokkumers yn Dokkum (bygelyks stegenammen, gedichten, muorreskilderingen) en foar oare streektalen lykas it Kollumersk en Pompsters yn it easten fan de gemeente.
- ♥ De gemeente stipet it fêstlizzen fan it Dokkumers en oare streektalen, sawol skriftlik as digitaal, no't dat noch kin.
- ♥ Wy stimulearje it brûken fan it Frysk en de streektal yn bibleteken, musea en kulturele ynstellingen.
- ♥ Foar de FNP is de sichtberens fan it Frysk wichtich. Wy wolle ynstânsjes, ferienings en bedriuwen stimulearje om harren uteringen en bebuording yn it Frysk te dwaan.





De sân kearnwearden fan de FNP

De FNP hat sân kearnwearden. As FNP Noardeast-Fryslân ûnderskriuwe wy dizze kearnwearden folslein en brûke wy se as stjoer foar ús tinkwize en polityk hanneljen.

DEMOKRASY

De FNP fynt dat de macht oer de oerheid fan it folk is. Minsken moatte safolle mooglik behelle wurde by it iepenbier bestjoer.

FEDERALISME

De FNP stiet foar in steatsynrjochting dy't minsken en lokale mienskippen it foech en de middels jout om de eigen libbensromte safolle mooglik sels stal te jaan. De FNP wol mear foech nei de provinsje, in sterker provinsjaal bestjoer en dêrtroch in sterker Fryslân.

YNTERNASJONALISME

De FNP siket nei wat minsken bynt en sjocht de wrâld as in federaasje fan mienskippen. Minskerjochten en respekt foar oare kultueren en libbensoertsjûgingen steane dêrby sintraal.

TAAL EN KULTUER

Taal en kultuer drage tige by oan de identiteit en dêrmei oan it wolwêzen fan minsken. De FNP wol de Fryske identiteit fersterkje en stiet dêrom foar de Fryske taal en kultuer. De FNP makket him sterk foar in Fryslân, dêr't ek oare talen en kultueren respektarre, praktisearre en wurdearre wurde, lykas it Kollumers, It Pompstersk en it Dokkumers.

ÛNDERNIMMERSIN

De FNP wol eigen inisjatyf, kreativiteit, ferantwurdlikheid en ûndernimmerskip de romte jaan, dat minsken en mienskippen by steat binne har optimaal te ûntwikkeljen.

SOLIDARITEIT

De FNP is in mienskipspartij. Foar it behâld fan de solidariteit moat begryp en respekt fan wjerskanten tusken earm en ryk, jong en âld, sûn en siik behâlden en fersterke wurde, sadat nimmen oan de kant komt te stean.

DUORSUMENS

De FNP wol in duorsume wrâld neilitte oan de kommende generaasjes. Yn stee fan potfertarre siket de FNP nei ekonomyske besteansfoarmen dy't in better lykwicht garandearje tusken konsumearjen en konservearjen.



Wat hat de FNP de ôfrûne perioade foar jimme betsjuten?

De FNP hat yn de ôfrûne riedsperioade diel útmakke fan de koalysjes fan de gemeente Noardeast-Fryslân en hie twa wethâlders yn it kolleezje. Dat betsjut dat wy op in stabile wize bestjoerlik ferantwurdlikens nommen hawwe. Yn dizze perioade hawwe wy in soad saken út de wei setten, dêr't wy in oantal fan op in rychje setten hawwe.

US FERTSJINSTEN:

- ♥ *Der is in grutte ympuls jûn oan de bou fan hier- en keapwenten yn 26 doarpen en de stêd, mei koers op 1.425 wenten yn 2030*
- ♥ *Bio-based bouwen is mooglik makke: dat biedt kânsen foar bou én lânbou*
- ♥ *Foar mear sichtberens fan it Frysk yn de iepenbiere romte is in fûns opsetten*
- ♥ *De Noordervaartslûs is oanpakt en der binne oanpassingen fan dûkers kommen foar in befarbere opfeartenrûte*
- ♥ *It ferbetterjen fan de tsjinstferliening is yn beweging brocht mei de trochûntwikkeling fan track & trace*
- ♥ *Der is ienriedich belied realisearre foar it ûnderhâld fan doarpshuzen yn ús gemeente*
- ♥ *Foar de ferduorseming fan maatskiplike organisaasjes is mear subsydzje beskikber steld*
- ♥ *It doarpen- en wikenfûns is fan mear jild foarsjoen*
- ♥ *De mienskip wurdt better belutsen by gemeentlike plannen (byg. Wenplatfoarm, Netwurkgearkomsten, ensfh.)*
- ♥ *Om flugger en betelber bouwe te kinnen is der aktyf grûnbelied realisearre*
- ♥ *Yn it Tolhúspark is in passend eveneminteterrein kommen*
- ♥ *Troch lânskipsbiografyen yn it ûnderwiis is der mear oandacht foar kultuer en omjouwing*
- ♥ *Pre-mantelsoarchwenten binne mooglik makke yn de gemeente*
- ♥ *De Sionsberg wurdt finânsjeel stipe mei €1 per ynwenner (€45.812)*



NEIWURD

Wy hoopje dat jo ús ferkiezingsprogramma mei belangstelling en ynteresse lêzen hawwe. Wy hawwe der bewust foar keazen om it programma helder, kompakt en to-the-point te hâlden. Net omdat de opjeften lyts binne, mar omdat wy dúdlike karren meitsje moatte.

Wy steane foar grutte útdagingen. De wrâld feroaret yn heech tempo en dy ûntwikkelingen reitsje ek ús gemeente. Dat ropt wichtige fragen op: kinne ús bern hjir yn de takomst wenjen bliuwe? Bliuwt de soarch tichtby en foar elkenien tagonklik? En hoe soargje wy derfoar dat we ús lânskip, ús identiteit en ús tradysjes behâlde, wylst wy ús tagelyk tariede op de takomst? It binne gjin ienfâldige fragen, mar wol freegje dy fragen om dúdlike en trochtochte karren.

Dy karren kinne wy net allinnich meitsje. Dat dogge wy tegearre: mei ús mienskip, mei ús partij de FNP en mei jo stipe. Want no is it momint om ferantwurdlikens te nimmen en foarút te sjen. Bou dêrom tegearre mei ús fierder oan it moaie Noardeast-Fryslân fan hjoed én moarn. Litte we mei-inoar de skouders derûnder sette.

Ik bin grutsk dat wy mei in sterke en belutsen groep minsken de ferkiezingsen yngean. In kandidatelist fol ûnderfining en kennis. In list mei minsken dy't djip woartele binne yn Noardeast-Fryslân en presys witte wat der libbet yn ús doarpen en wiken. Tegearre foarmje wy in team dat harren eltse dei mei folle oertsjûging ynset foar ús moaie gemeente.

Misse jo ûnderwerpen yn it programma of hawwe jo fragen? Nim dan foaral kontakt mei ús op. Wy geane graach mei jo it petear oan.

Mei freonlike groetnis,

Bert Koonstra

Us kandidaten:

 1 Bert Koonstra Sweagerbosk	 2 Anton Buwalda Dokkum	 3 Bouwina van Dellen Eanjum	 4 Jitze Andringa Aalsum	 5 Jaap Postema Dokkum	 6 Femke Meindertma Holwert	 7 Ate Bouma Ferwert
 8 Jan Roelof Buruma Kollum	 9 Hanneke Jouta Ferwert	 10 Fedde Breeuwma Dokkum	 11 Marco Kramer Hallum	 12 Meindert van der Schaaf Dokkum	 13 Thom Feddema Raard	 14 Jaap Cuperus Dokkum
 15 Tsjip Luimstra Ferwert	 16 Tineke Bosgraaf-de Jong Kollum	 17 Marco Kraal Hantum	 18 Johan Dirk van der Schaaf Kollum	 19 Andries Spoelstra Kollum	 20 Eelke Idsardi le	 21 Nathalie Zwaagstra Eanjum
 22 Ernst Meisma Nes	 23 Wijtse Jouta Hallum	 24 Minne van Wieren Kollumersweach	 25 Frans Boersma Aldwâld	 26 Anna Kromkamp Kollum	 27 Harm Kamstra Holwert	 28 Ella Folkertsma-Dijkstra Dokkum
 29 Iune Meindertma Sweagerbosk	 30 Steven Braaksma Eanjum	 31 Henk Westra Birdaard	 32 Rika de Jong-Woudwijk Hantumhuizen	 33 Willem de Boer Kollum	 34 Oebele Vries Westergeast	 35 Aafke Dijkstra-de Vries De Trieme
 36 Jacob Banga Kollumersweach	 37 Binne Reitsma Blije	 38 Jaap Hijma Marrum	 39 Jan van der Veen Aldwâld			
 40 Warner Banga Dokkum	 41 Lolke Folkertsma Dokkum	 42 Klaas Fokkinga Nes	 43 Pytsje de Graaf-van der Meer Ternaard			

Mear ynformaasje oer ús kandidaten fine jo hjir:
www.fnp.frl/nef



Ek yn it
Dokkumers
en Nederlânsk



Noardeast-Fryslân



@fnpnoardeast



/FNPNoartheast



@fnpnef



fnp.frl/nef